



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Himelfeart

Tongersdei 13 maaie 2010



Dit moarnsgebed wurdt
opnommen troch Omrop Fryslân
en letter op de moarn útstjoerd.

Wolkom

De âlderling fan tsjinst
Janke Riemersma hjit ús,
de gasten en de harkers
fan herte wolkom en
winsket ús út namme fan
de tsjerkeried in
gesegende tsjinst.



Lêzing

De lêzing is út Hannelingen 1: 1-11.
Dit giet oer de Himmelfeart. 40 dagen hat Jezus
him sjen litten. Hy hat de feinten sein yn
Jeruzalem te bliuwen. De Geast sil oer harren
komme.

At Jezus dan fuort is, komme der twa mannen by
harren dy't sizze dat sy net sa fernuvere hoege te
wêzen. Hy komt, op syn tiid omers werom. Wy
sjonge:

"De Heer is opgetogen, "



Hij steeg boven ons uit...



Teake Posthuma
fertelt oer it
dautraapjen ier
op dizze moarn
en oer hokker
teksten wy
tidens de
kuiertocht

neitocht hawwe...

Bemoediging

De foargonger bemoedicht ús en wy beânderje
dat mei it AMEN.

Mei it kwartet sjonge wy :
*"Nim my, nim my sa't ik bin;
wiis my hoe't ik wêze sil;
set jo segel op myn hert
en libje yn my".*



Oertinking

Himmelfeart is in bysûndere dei. Wy geane nei
tsjerke. Allinnich op witte tongersdei dogge wy
dat ek, yn de jûn. En no geane wy ek noch te
rinnen, bûten wêze. It is 40 dagen nei Peaske.
Dat Jezus fuort giet, dat is tige yngripend. Syn
dissipels steane ek nei boppe te sjen. Der wiene
grutte ferwachtings en de tsjinslach is dat Jezus
no fuort is. Sy wiene sa bliid dat Hy der wie en no
moatte sy wer loslitte.
Krekt as Maria dy't
Jezus oanseach foar
de túnman. Doe't sy
Him seach mocht sy
Him net oanreitsje. En
sa giet it ek mei de



Emmaüs- gongers. Doe't sy Him herkenden
wie Hy wer fuort. En krekt doe't Him frege
waard of no it Keninkryk ynsteld wurde soe...
gie Hy fuort.

Sa steane sy noch nei de loft te dikerjen. Sy
binne ferslein. Mar dan binne der de Ingels dy't
freegje wat sy der steane te dikerjen. Sy moatte
op in paad gean. Net ôfwachtsje mar oan de
slach.

Dautraapje is ek ûnderweis wêze. Eltsenien is
ûnderweis: yn je wurk en ek persoanlik kin je
groeie. Sa binne wy libbenslang ûnderweis.
Kinne wy wurkje oan de wrâld mei rjocht en
lykweardigens wêr't wy sa nei longerje.
God docht dat net samar foar ús.

En dan liket it wol dat wy mei lege hannen
steane mar noch tsien dagen, dan is it Pinkster
en komt syn Geast. Dermei steane wy dan yn
de wrâld.

Klaske Deinum spilet op it oargel in bewurking
fan gesang 233.

Wy sjonge dernei in liet út Iona:

Sjoch, Ik bin mei jim oant de ein fan 'e wrâld

Sjoch, Ik bin mei jim, sjoch, Ik bin mei jim,

Sjoch, Ik bin mei jim oant de ein fan 'e wrâld.



Kollekte

1e kollekte: Diakonij

2e kollekte: Tsjerke

Gebeden...

Wy danke foar:

- de goede en moaie dingen,
- de mienskip wêr wy mei ûnderweis binne,
- de prachtige maaitidsnatuer
- de sûnens dat wy rinne kinne

Wy bidde foar:

- dyjinge die wol mei kuierje woenen, mar net kinne
- de skepping wêr't safolle misbrûk fan makke wurd,
- de sike minsken,
- foar Hinne en Tjitske Visser. Hinne leit yn it sikehûs,

Wy slute ôf "troch mei elkoar it "Ús Heit" te bidden.

Slotliet

Sy sjonge oan it ein 'De frede fan de greiden'.

De frede fan de greiden wês oer dy,

de frede fan mar en lân.

De frede fan de loftten wês oer dy,

de frede fan waad en strân.

Djippe frede mei komme oer dy

mei Gods frede no groeie yn dy.

Seine

Wy krije de seine fan de Hear en beäntwurdzje
dy mei **AMEN**.



Meiwurkers

Foargonger: Hinne Wagenaar.



Oargelist:

Klaske Deinum

Koster:

Jannie Smids

Âlderling:

Janke Riemersma

2e âlderling

Koosje Reitsma

Diakenen:

Hinke Meindersma

Wiebren Jongbloed.